

Leauwe yn Fryslân



www.kruspunt.frl

In kursus foar foargongers -
pastoraal wurkers, predikanten, prysters -
dy't harren ferdjipje wolle yn de Fryske kontekst
fan leauwen, tsjerke en teology.

Oanmelding foar 1 septimber 2015 by:
Tytsje Hibma - 0517-341859 of thibma@hetnet.nl

Beskriuwing fan de kursus

It is 100 jier lyn dat de earste offisjele Fryske tsjerketsjinst holden waard. En hoe is it no mei de romte foar it Frysk yn en om 'e tsjerke hinne? De kontekstuele teology leart ús it belang fan ynkulturaasje, it ûnderdompeljen fan it evangeelje yn de lokale kultuer. Dy ynkulturaasje freget tagelyk ek om in krityske refleksje op de relaasje tusken teology en kontekst. De kursus 'Leauwe yn Fryslân' stiet yn dit spanningsfjild en biedt de dielnimmers in ferkenningsstocht op it terrein fan leauwen en teology yn de Fryske kontekst.

Doelstelling

It doel fan de kursus is dat de dielnimmers:

- mear sicht krije op leauwe / tsjerke / teology yn de Fryske kontekst,
- ûnderfine hoe't 'it evangeelje ûnderdompele is / wurdt yn de Fryske kultuer',
- de Fryske kontekst ferdiskontearje kinne yn de konkrete wurksituaasje,
- reflektearje kinne op de betsjutting fan de Fryske kontekst foar de teology.

Kompetinsjes

De kursus draacht by oan (oernaam út akkreditaasjekader PThU):

1. Hermeneutische bekwaamheid.

Het vermogen om methodisch, bereflecteerd en vernieuwend teksten, tradities, verhalen en praktijken in hun contexten en wisselwerkingen te lezen, te interpreteren, te verstaan en te vertolken en zichzelf hierbij te laten lezen, interpreteren, verstaan en vertolken.

4. Verbindende bekwaamheid.

Het vermogen om in interactionele situaties verbindingen te leggen tussen cultuur en kerk, tussen traditie en dagelijks leven, tussen de plaatselijke kerk en de catholica.

6. Missionaire bekwaamheid.

Het vermogen om a. te communiceren met mensen van fundamenteel verschillende achtergronden en levensbeschouwingen; b. eigen overtuigingen en geloof te verwoorden en te verkondigen in het besef van de specifieke context waarin dit gebeurt.

Doelgroep

Foar teologen (foargongers, pastoraal wurkers, dûmny's en prysters) dy't harren ferdjipje wolle yn de Fryske kontekst fan leauwen, tsjerkemienskip en teology.

Oantal stúdzje-punten: 2 of 4-5 ECTS

Der wurde earst 4 stúdzjedagen oanbean. Ynklyusyf de ferplichte literatuer stiet dat foar 56 oeren (2 ECTS).

Dêrnei kin de kursus ferfolge wurde mei praktykopdrachten en ynterfyzje (42 oeren / 1,5 ECTS) en it skriuwen fan in artikel fan fariabele lingte (14 - 42 oeren / 0,5 - 1,5 ECTS). Totaal 56 - 84 oeren (2 - 3 ECTS).

Toetsing

De dielhimmers skriuwe in refleksjeferslach fan de praktykopdrachten en de ynterfyzjegearkomsten.

De dielnimmers skriuwe in persoanlik artikel oer in sels-keazen téma op it mêd fan teology en Fryske kontekst.

De kursus Leauwe yn Fryslân wurdt organisearre troch de Stifting Krúspunt. De organisaasje is yn hannen fan dr. Alex Riemersma, dr. Liuwe Westra, ds. Tytsje Hibma en ds. Hinne Wagenaar. De lêste twa fersoargje de koördinaasje fan de kursus.

Programma

Diel 1: 4 stúdzjedagen + literatuerstúdzje (2 ECTS)

1. Taal en kultuer - 21 septimber 2015
Dosinten dr. Alex Riemersma, dr. Cor Waringa
2. Kristlik Fryske beweging - 26 oktober 2015
Dosinten dr. Liuwe Westra, dr. Johanneke Liemburg
3. Kontekstuele teology - 30 novimber 2015
Dosinten drs. Hinne Wagenaar, dr. Benno van den Toren
4. Spiritualiteit yn de kontekst - 18 jannewaris 2016
Dosinten drs. Tytsje Hibma, drs. Mariska van Beusichem

Diel 2: praktykûndersyk, ynterfyzje, artikel (2 - 3 ECTS)

Foar it praktykûndersyk en de ynterfyzje kieze de dielnimmers ien of mear praktyk-opdrachten dy't passe yn harren wurksituaasje (b.g. it opsetten fan in temajûn of in beliedsplan oer Frysk yn de gemeente, in stikje bibeloersetting, refleksje op in ynterkultureel elemint). It ûndersyk wurdt ôfsletten mei in refleksjeferslach en in presintaasje yn de ynterfyzjegroep. Punten fan omtinken binne: nije wegen op it mêd fan 'Leauwe yn Fryslân', ynteraksje mei minsken yn it ûndersyk, de opset fan in ûndersyk, refleksje en presintaasje.

Foar it skriuwen fan it artikel kin men in eigen tema kieze. It bestiet út minimaal 1600 wurden en maximaal 4800 wurden. By foarkar wurdt it skreaun yn it Frysk. In oare taal is ek mooglik, mar dan wurdt der in Fryske gearfetting ferwachte. It artikel wurdt pleatst op de webside fan Krúspunt en kin eventueel ek yn in tydskrift opnommen wurde.

Dosinten

- Alex Riemersma is lektor "Frysk & Meartaligens yn Underwiis en Opfieding" oan de Stenden & NHL hegeskoallen.
- Cor Waringa is foarsitter fan de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst en redakteur fan de Fryske edysje fan it Lieteboek, Sjonge en bidde thús en yn tsjerke.
- Liuwe Westra is dominy yn Lollum en Burchwert en omkriten, en ûndersiker oan it Centrum voor Patristisch Onderzoek.
- Johanneke Liemburg is boargemaster fan de gemeente Littenseradiel en promovearre op de dissertaasje 'Fedde Schurer 1898-1968, Biografie van een Friese koerier'.
- Hinne Wagenaar is pionier dominy foar Nijkleaster en oant 2015 ta foarsitter fan Krúspunt.
- Benno van den Toren is heechlearaer Ynterkulturele Teology oan de RUG, Grins.
- Tytsje Hibma is dûmny yn Arum-Kimswert en dosint oplieding Geastlike Begelieding PThU.
- Mariska van Beusichem is predikant, promovenda oan it Titus Brandsma Instituut en foarsitter fan de stifting Thomas a Kempis.

Lokaasje

De lokaasje en setting foar de kursus is by Nijkleaster te Jorwert. Dat betsjut dat de stúdzjedagen tagelyk ek kleasterdagen binne. It fêste ritme fan dy dagen is:

- 9.15 Ynrin
- 9.30 Moarnsgebed
- 10.00 Kofje/tee mei kleasterkoeke
- 10.30 Programma diel 1
- 12.00 Kleastermiel yn 'Het Wapen van Baarderadeel'
- 12.45 Kleasterkuier
- 14.00 Programma diel 2
- 15.30 Koarte ôfsluting fan de dei

Kosten

Basiskursus (4 stúdzjedagen, 2 ECTS)	€ 450
Folsleine kursus (4 - 5 ECTS)	€ 700
Ferplichte reader	€ 25